

MOASJE

Yn te foljen troch de griffier

Yntsjinner: FNP, Wopke Veenstra
Mei-yntsjinner(s): VVD, Marten Dijkstra FvD, Albert van Dijk / Durk Dijkstra ChristenUnie, Wiebo de Vries CDA, Maaïke Prins

Moasje nr.	05
Paraaf	
Wurklistpunt	08
Beslút	

MOASJE, ex artikel 31 Reglement van orde

Steategearkomste	22 septimber 2021
Wurklistpunt	08. Lânbou-aginda
Koarte titel fan de moasje	Effektive oanpak bestriding jabikskrúswartel
De Steaten, yn gearkomste byien op de 22 ^{ste} fan de hjerstmoanne 2021	
heard hawwende de rieplaching;	
konstatearjende dat	
<ul style="list-style-type: none">• jabikskrúswartel in gefaar foarmje kin foar de sûnens fan melkfee en hynders, benammen as de plant yn hea of kuil bedarret;• jabikskrúswartel fan't simmer wer massaler bloeit hat as yn eardere jierren;• de Provinsje Fryslân sûnt 2007 in feroardering op de bestriding fan jabikskrúswartel hat, wêryn't stiet dat de plant fuorthelle wurde moat as der risiko bestiet dat dy iten wurdt troch lânboubisten of yn feefoer telâne komme kin;	
oerwaagjend dat	
<ul style="list-style-type: none">• hoewol't jabikskrúswartel in wichtige plant is foar guon ynsekten, it oerwoekerjen fan oare weardefolle planten der foar soarget dat it bioferskaat ferminderet;• guon boeren nei de gifspuit gripe om de jabikskrúswartel ûnskealik te meitsjen, wat streekrocht yngiet tsjin it provinsjaal belied om natuerynklusyf buorkjen te stimulearjen;• in grut part fan de populaasje jabikskrúswartel op skrale grûn lykas yn de bermen fan oerheden as de provinsje, gemeenten, wetterskip en Rykswettersteat stiet;	
fersykje it kolleezje fan Deputearre Steaten	
<ul style="list-style-type: none">• foar't de planten kommand jier wer yn bloei stean, efektyf belied en in efektyf útfieringsplan te ûntwikkeljen foar it behear fan berms en oare grûn, sadat jabikskrúswartel net de kâns krijt om út te siedzjen nei lân dêr't fee op weidet of dêr't hea of kuil fan ôfhelle wurdt;• dêrfoar yn oerlis te gean mei de oare Fryske oerheden en behearders fan grûn dêr't in soad jabikskrúswartel foarkomt;	
en gean oer ta de oarder fan de dei	

Yntsjinner(s)

(fraksje / namme / hântekening)

MOASJE

MOASJE

	FNP, Wopke Veenstra VVD, Marten Dijkstra Forum voor Democratie, Albert van Dijk / Durk Dijkstra ChristenUnie, Wiebo de Vries CDA, Maaïke Prins
--	--